

Ealjebijen

bisto bang foar ealjebijen	Dm	Gm	
gûnzjend troch de waarme loft	C7	F	
silsto krekt wat lekkers krije	Bb	Dm	
dan komt der wer sa'n hiele kloft	E7	A7	
begjint dyn bern samar te gûlen	Gm	Dm	
op dy moaie simmerdei	Gm	Dm	
stuts in ijsko yn 'e mûle	Gm	Dm	
mei de ealjebij der by	E7	A7	
kearsang: slach mar, slach mar om dy hinne	C7	F	
ast gelok hast slachst ien dea	Bb	F	
mar fan ealjebijen winne	Bb	C7	
ferjit dat mar, dat slagget nea!	F	G	A7
foar dyn frou bisto hiel dapper			
want dêr sit ien by har ear			
do seamest mei de miggeklapper			
dus docht har ear no dûbeld sear			
soms krûpt sa'n ûndier yn dyn bokse			
of sit fertize yn dyn hier			
dan kinst wol balte as in okse			
mar dan is't al wer safier			
kearsang:			
yn de keuken flean' se ek al			
mar dat kinst fansels net ha			
do spuitest gif, ja, by it sekfol			
en moast no sels nei bûten ta			
do fûnst in nêst dêr yn 'e hage			
en dat stutsto yn 'e brân			
de brânwacht hat noch trije dagen			
drokte fan it blussen hân			
kearsang: slach mar, slach mar om dy hinne			
spuitsje se mei gif mar dea			
mar fan ealjebijen winne			
ferjit dat mar, dat slagget nea!			
do wurdst der alderduvelst dwers fan			
en rekkest hieltyd yn panyk			
in ealjebij hat dêr gjin lêst fan			
dy bliuwt himsels: hy hat gelyk			
bestiet der echt reynkarnaasje			
en libj' ik nei myn dea opnij			
dan wol ik foar de fariaasje			
weromkomme as ealjebij			
kearsang:			